

Saaknûmer: 2026-222136

Antwurd fan boargemaster en wethâlders op skriftlike fragen lykas bedoeld yn kêst 42, earste lid, fan it Reglement van Oarder foar de gearkomsten fan de ried fan 'e gemeente Ljouwert, yntsjinne op 24 augustus 2026. De fragen komme fan de FNP en gean oer stoepen yn relaasje ta glêsfazelkabels.

Fragen

1. Is it kolleezje bekend mei de tanimming fan meldingen oer min werstelle trottoirs nei glêsfazelwurksumheden? Hoefolle meldingen oer bestrjitting, fersakking, losse stiennen, klapperjende tegels en stroffelgefaar hat de gemeente yn 2024, 2025 en oant no ta yn 2026 krigen, útsplitst nei wyk/doarp?
2. Op hokker wize hâldt de gemeente tafersjoch op it werstelwurk troch de kabelleggers (o.a. DELTA Netwerk, Open Dutch Fiber en harren ûnderoannimmers Allinq e.o.)? Fynt der nei oplevering in mienskiplike skôging plak? Sa ja, binnen hokker termyn? Sa nee, wêrom net?
3. Hokker kwaliteitseasken stelt de gemeente yn de fergunning (ynstimmingsbeslút) oan it werbestraten? Hoe wurdt boarge dat de bestrjitting werombrocht wurdt yn de oarspronklike steat en flak leit? Binne jo it mei FNP Ljouwert iens dat der no yn in soad gefallen sprake is fan ôfwikend werstel?
4. Kloppet it dat yn in soad doarpen trottoirs twa kear koart nei elkoar iepenbrutsen binne troch ferskate glêsfazel oanbieders? Wêrom is der gjin rezjy fierd om dit te kombinearjen (kombi-sleuf) om oerlêst en skea oan de trottoirs te beheinen?

Antwurden

It kolleezje is bekend mei de oantallen meldingen oer bestrjittingen. Hokker dêrfan relatearre binne oan glêsfazelwurksumheden is net eksakt te efterheljen omdat melder dat meastal net oanjouwe en it dêrom ek gjin separate kategory is. Yn de jierren 2024, 2025 en 2026 binne der totaal 89 meldingen makke yn de kategory “verharding” dêr’t de sykterm “ glêsfazel ” yn foarkaam. In neiere útsplitsing is op dit stuit net te jaan yn ferbân mei stearingen yn it systeem.

Der binne gemeentlike tafersjochhâlders foar kabel - en liedingwurksumheden dy’t geregeld de wurksumheden beoardielje. Koart nei de oplevering is der in mienskiplike ynspesje.

Der wurde easken steld oan de ferdichting fan de sleuf en oan de flakheid fan de bestrjitting. Dizze easken binne omskreaun yn de “Leidraad K & L”. Yn de praktyk is der faak sprake fan neissetting fan de sleuven as gefolch fan in minne ferdichting, oanwêzige klaai en / of wiete waarsomstannichheden. It is bekend dat der lokaasjes binne dy’t noch om werstel freegje. Dy sitte yn de ûnderhâlds-planning fan de oanbelangjende oannimmers of yn de plannings fan gemeentlike projekten.

Ja, dat kloppet. Wy binne glêsfazel oanbieders ferplichte - op basis fan de telekommunikaasjewet - om te deadzjen dat der in glêsfazelnetwurk oanlein wurdt. Delta en Glaspoort hawwe harren sawat tagelyk by de gemeente meld om’t se beide in goede business case seagen yn de oanlis fan in netwurk. Hjirtroch binne yn guon doarpen twa netwurken oanlein. Kombinearjen fan wurksumheden “yn ien sleuf” meie wy spitigernôch op basis fan de telekommunikaasjewet net foarskriuwe.

5. Hoe beoardielet it kolleezje de tagonklikens fan de trottoirs foar minsken mei in beheining, âlderein mei in rollator of rolstoel en âlden mei in bernewein? Is hjir spesifyk op skôge yn it ramt fan it FN-ferdrach Handicap en de ynklúzje-aginda fan de gemeente?

Yn syn algemienens wurdt dy tagonklikens as foldwaande beoardiele. Yn in inkeld gefal hat ek de Werkgroep Toegankelichheid te herstellen lokaasjes trochjûn hokker oppakt binne. Der is net spesifyk op ynspekterarre omdat de algemiene noarmen dêr genôch foar binne.

6. Binnen hokker termyn moatte oannimmers fersakkingen werstelle nei in melding? Wurdt der wurke mei in boarchsom of boeteklausule as werstel út bliuwt of ûndeugdelik is? Sa ja, hoe faak is dizze yn 2024-2025 tapast? Sa nee, wêrom net?

Der jildt in algemiene ûnderhâldstermyn fan 12 moanne, dêr't de oannimmers noch ferantwurdlik binne. Regulier jildt dêrbinnen in wersteltermyn fan 5 wurkdagen. Der wurdt net wurke mei in boarchsom of boeteklausule. Kearn is dat de ferhurdingen yn in feilige steat hâlden wurde, dêr wurde de oannimmers oan hâlden.

7. Hoe kinne ynwenners skea melde en ferhelje? Hoefolle skeaclaims hat de gemeente krigen dy't relatearre binne oan trottoirs nei glêsfazelwurksumheden? Kin dizze rigeljouwning nochris publisearre wurde?

Oanspraklikstellings kinne op ferskate wizen trochjûn wurde: fia de webside, fia in oanspraaklikheidsformulier (te downloaden fan de webside, fia in brief, fia in mail of middels Signalen. In oanfoljende publikaasje dêrfoar achtsje wy net nedich.

It tal skeaclaims relatearre oan glêsfazelwurksumheden is net krekt nei te gean omdat de oarsaak net altyd oanjûn wurdt. Fan 01-01-2023 ôf binne der yn totaal 83 skeaclaims yntsjinne dy't ferbân hâlde mei bestrjitingen. Dy hoege dus net oan glêsfazelwurksumheden relatearre te wêzen. Der binne dêrfan 31 honorearre.

8. Is it kolleezje ree om:
a) In oersjoch te meitsjen yn hiel ús gemeentefan alle lokaasjes dêr't trottoirs min wersteld binne en dit aktyf mei de oanbelangjende oannimmers op te pakken?
b) In meldpunt of ekstra skôrûnte yn te stellen yn de wiken en doarpen dêr't it measte iepenbrutsen is (lykas Bilgaard, Frijheidswyk, Stiens, Camminghaburen, Goutum, Warten, Grou)?

a. Ja, wy hawwe oersichtlik wêr't dit spilet en dit is/wurdt mei de oanbelangjende oannimmers c.q. ús bûtentsjinst oppakt.

b. Nee, in ekstra meldpunt wurdt net ynsteld, neist de al gebrûklike wize om it troch in Sinjalemelding troch te jaan.

9. Is der yn it koalysje-akkoart en de hjoeddeiske (mearjierren)begrutting jild reservearre foar it herstellen fan trottoirs dy't skansearre binne troch nutsbedriuwen en glêsfazelwurksumheden? Sa net, is it kolleezje ree om hjirfoar asnog jild te reservearjen yn de kommende begrutting / by de

Yn de mearjierrenbegrutting is rekken hâlden mei dizze kosten. En ek mei de ynkomen dy't út de fergoeding fan de degeneraasjekosten fan de nutsbedriuwen ûntfongen wurde.

neijiersnota? FNP Ljouwert fynt dat de kosten net ôfwiksele wurde meie op de ynwenners, mar ferhelle wurde moatte op de feroarsakers. Hoe wol it kolleezje dit finansjeel boargje?

10. Is it by it kolleezje bekend oft der de ôfrûne jierren (2023-2026) sprake west hat fan letselskea troch de minne bestrijting yn ús stêd en doarpen? Hoefolle meldingen fan falpartijen, ûngemakken of (letsel)skea-oanspraken binne der binnenkommen dy't direkt te relatearjen binne oan loslizzende tegels, fersakkingen of stroffelgefaar nei glêsfazelwurk? Hoe is mei dy meldingen omgien?

11. Is it kolleezje genegen om dizze casus - feilige en tagonklike trottoirs yn stêd en doarpen - heech op de prioriteitelist te setten? Wy freegje it kolleezje om dit dossier net te sjen as "gewoan ûnderhâld", mar as in prioriteit foar ferkearsfeiligens, tagonklikens en leefberens. Is it kolleezje ree om de ried foar 1 oktober 2026 in konkrete aksje-aginda mei tiidspaad te stjoeren?

We gean derfan út dat dêrmei skea as gefolch fan kabelwurksumheden bedoeld wurdt. Dêrfoar ferwize wy nei it antwurd by fraach 7. Sokke meldingen wurde trochjûn oan ús fersekerder.

Feilige en tagonklike trottoirs krije fan it kolleezje hege prioriteit. Skaden en meldingen wurde mei de grutst mooglik spoed oanpakt troch ûnder oare strjitploegen fan eksterne oannimmers en fan de bûtentsjinst.

It werstel fan de kwaliteit fan de trottoirs wurdt noch in pear jier kontinuearre. Opmurken wurdt dat njonken de glêsfazelskea ek in soad beamwoartelskea oarsaak is fan de problematyk. By ferskate lokaasjes wurdt it werstel kombinearre mei oare opjeften yn de iepenbiere romte. It is ûndwaanlik om dêr in totaalôersjoch c.q. aksjeaginda foar op te stellen.

Ljouwert, 22 septembar 2026,

boargemaster en wethâlders fan Ljouwert,

boargemaster.

siktaris.